

PERSBERICHT

Nummer: 096

Datum: 28 juni 2022

Onvoldoende voordelen voor beroepsvaarweg door veenweidepolder de Hegewarren

Een vaarweg voor binnenvaartschepen naar Drachten door de Hegewarren levert onvoldoende voordelen op. Die conclusie trekken Gedeputeerde Staten na een onderzoek naar koppelkansen van de vaarweg met de plannen voor herinrichting van de polder. Provinciale Staten nemen in september een definitief besluit over de polder én de vaarweg.

Eerder maakte het provinciebestuur al bekend de voorkeur te hebben voor een waterrijke toekomst voor de Hegewarren. Het gebied wordt in dit scenario ontwikkeld als recreatie- en natuurgebied met een hoofdrol voor water. Zo vermindert de CO₂- en stikstofuitstoot, dalen de kosten voor het waterbeheer en is er ruimte voor waterberging.

De huidige beroepsvaarweg naar Drachten loopt door De Alde Feanen en wordt niet als optimaal ervaren. Enerzijds omdat er zorgen zijn over de veiligheid op het water. Anderzijds omdat de bedrijven in de Haven van Drachten en de gemeente Smallingerland graag willen dat de haven bereikbaar wordt voor grotere schepen (Klasse Va). In de gebiedsontwikkeling Hegewarren is gezocht naar een koppelkans.

Het onderzoek heeft uitgewezen dat de kosten van een nieuwe vaarweg lager zijn als deze gecombineerd wordt met de gebiedsontwikkeling, maar dat dat voordeel niet opweegt tegen de negatieve consequenties voor veiligheid, natuur en recreatie in het gebied. Ook levert deze route op het gebied van natuur en veiligheid te weinig verbetering op in vergelijking met de huidige route via Earnewâld. Tegelijk is er naar het oordeel van GS met de kennis van nu onvoldoende economische noodzaak om een nieuwe vaarweg aan te leggen.

“De provincie vindt de economische ontwikkeling van Drachten als tweede plaats van Fryslân erg belangrijk, voor Smallingerland én de haven. Een nieuwe vaarweg zit er nu helaas niet in. Nieuwe omstandigheden kunnen te zijner tijd tot nieuwe inzichten leiden. We blijven daar met de gemeente intensief over in gesprek, want we zijn als provincie verantwoordelijk voor de bereikbaarheid van de haven”, zegt gedeputeerde Avine Fokkens-Kelder.

PARSEBERJOCHT

Nûmer: 096

Datum: 28 juny 2022

Net genôch foardielen foar beropsfarwei troch feangreidepolder de Hegewarren

In farwei foar binnenfeartskippen nei Drachten troch de Hegewarren smiet net genôch foardielen op. Dy konklúzje lûke Deputearre Steaten nei in ûndersyk nei keppelkânsen fan de farwei mei de plannen om de polder op 'en nij yn te rjochtsjen. Provinsjale Steaten nimme yn septimber in definityf beslút oer de polder én de farwei.

Earder makke it provinsjebestjoer al bekend foarkar te hawwen foar in wetterrike takomst foar de Hegewarren. It gebiet wurdt dan as rekreaasje- en natuergebiet ûntwikkele mei in haadrol foar wetter. Sa ferminderet de CO2- en stikstofútstjit, sakje de kosten foar it wetterbehear en is der romte foar wetterberging.

De besteande beropsfarwei nei Drachten rint troch De Alde Feanen en wurdt net as optimaal field. Oan 'e iene kant omdat der soargen binne oer de feilichheid op it wetter, oan 'e oare kant omdat de bedriuwen yn de Haven fan Drachten en de gemeente Smellingerlân graach wolle dat de haven foar gruttere skippen (klasse Va) berikber wurdt. Yn de gebietsûntwikkeling Hegewarren is socht nei keppelkânsen.

It ûndersyk hat wilens útwiisd dat de kosten fan in nije farwei leger binne as dy mei de gebietsûntwikkeling kombinearre wurdt, mar dat dat foardiel net opweacht tsjin de negative konsekwinsjes foar feilichheid, natuer en rekreaasje yn it gebiet. Boppedat leveret de rûte op it mêd fan natuer en feilichheid temin ferbettering op, yn ferliking mei de besteande rûte fia Earnewâld.

Tagelyk is der op it stuit neffens DS ûnfoldwaande ekonomyske needsaak om in nije farwei oan te lizzen. "De provinsje fynt de ekonomyske ûntwikkeling fan Drachten as twadde plak fan Fryslân tige wichtich, foar Smellingerlân én de haven.. In nije farwei sit der no spitigernôch net yn. Nije omstannichheden kinne meidertiid ta nije ynsichten liede. Wy bliuwe dêr mei de gemeente oer yn petear, want wy binne as provinsje ferantwurdlik foar de berikberens fan de haven.", seit deputearre Avine Fokkens-Kelder.